



## De tillegraaf: net stikken te krijen

*Oer in moanne giet it keatsen wer los.*

*Faak kin men fan fierren de stân al sjen.*

*Dat is te tankjen oan de tillegraaf. Dy*

*bestiet no krekt 150 jier.*



Sa te sjen hat dizze tillegrafist de kop der goed by. (Foto: Jan Tromp)

It teltastel is yn 1855 útfûn troch Ane Buwalda Kuijpers, ien fan de fiif oprjochters fan de PC (1853). De regels fan it keatsen, dat doe hjirre oars foar't neist al 350 jier beoefene waard, leinen yn dy tiid noch net sa fêst. Dêrom liet de PC yn 1855 in *Korte verklaring van het kaats-spel* útkomme (dat tagelyk it earste keatsreglemint foar ús keatsen wie). Oan de ein fan it boekje fan acht siden skriuwt Buwalda Kuijpers: "Het was gemakkelijker voor den toeschouwer bij het Kaats[s]spel, dat een telegraaf gesteld werd bij de Kaatspartij; waarop een ieder dadelijk den stand van dit spel konde zien, deze zoude gemakkelijk door een oppasser in orde kunnen gehouden worden die ten allen tijde het spel nauwkeurig gadesloeg". En dan folget in koarte beskriuwing fan it tastel. Op de PC fan dat jiers wie de tillegraaf foar it earst yn gebrûk. It is lang net ûnmooglik dat Buwalda Kuijpers, dy't om 1855 hinne weinmakker wie, dy sels makke hat. Stadichjesoan hat it teltastel ek by oare ferienigingen en yn oare plakken syn nuttich wurk dwaan kinnen. In foardiel dat Buwalda Kuijpers net neamt, is dat in goed byhoden tillegraaf in ein makket oan (potinsjele) strideraasje tusken de spilers oer "hoe't it stiet". No hie yn it ferline net elke keatsferieniging it jild om tillegrafan oan te skaffen, dat oarloch om de stân, troch berekkene keatsers soms mei sin útlukke, wie net alhiel in seldsumheid. Eins moat ik sizze

is, want hjoeddedei ûntbrekt foaral op ûnderhânske partijen noch gauris in tillegraaf.

De tillegraaf is neamd nei de tillegraafpeal. Dy kaam om 1845 hinne yn gebrûk neidat in pear jier earder de elektryske tillegrafy útfûn wie. It byld is fertroud: boppe-oan de tillegraaf hingje de spullen, dan komme de earsten en dêrûnder de punten. Dy wurde per telienheid fan twa hiel treffend symbolisearre troch in dûbele bal. No kinne oan de tillegraaf per helte op syn meast twa spullen, ien earst en seis punten hingje. De kenner wit dat der dan nei dy 46 punten noch twa nedich binne om de trije spul fol te meitsjen en dêrmei de partij te winnen. Mar Buwalda Kuijpers hat yn syn útfining mei rjocht gjin plak foar de winnende slach frijhoden: it publyk, dat op de noas by it keatsen sit, wit ommers dat mei dy lêste slach de partij út is en de tillegraaf op dat stuit syn funksje ferlern hat. Oan de (draaibere) peal, ta beslút, is romte foar de beide keatsen. It is net bekend oft de earste tillegrafan al de twa gongbere kleuren hienen. De linkerhelte, foar it opslachpartoer, is read, dat foar striid, moed stiet en de rjochterkant, foar it perkpartoer, is wyt, dat suverens en earlikens oanjout.

In oar wurd foar tillegraaf is "ramt". Ik haw it oars noait sizzen heard en bin it mar ien kear en dan ek noch yn in âld stik (1900) yn

skreaune foarm tsjinkommen. Folle gongberder en op syn minst sa byldzjend is it begryp "hang". "Alles oan de hang" of, mei noch moaier alliteraasje, "Alle hout oan de hang" wol sizze dat beide partijen 46 punten oan de tillegraaf hawwe: wa't de folgjende slacht wint, hat, lykas sein, de partij wûn. Ek de tillegraaf hat idioomfoarmjend wurke: "tillegrafist" (Buwalda Kuijpers syn "oppasser"), "de tillegraaf byhâlde", ("tillegrafearje", dat ik lêsten opheinde fan in tige yn it Frysk betûfte keatser, is my as keatswurd net eigen), "de tillegraaf is (net) by", "de tillegraaf draaie" (de beide helten wize nei de byhearrende partoeren), "in folle tillegraaf" (fergelykje: "alles oan de hang" of ek wol: "it hout is op") en "de tillegraaf hinget bryk", dat wol sizze it iene partoer is it oare fier yn 't foar.

Yn lytse útfieringen hat de tillegraaf ferskillende funksjes. Hy kin tsjinje as keatspriis, mei grif as ferneamdste foarbyld de sulveren keningspriis (sûnt 1929) fan de Van Aisma-partij te Bitgum. De tillegraaf komt ek gauris as sieraad foar, lykas in (sulveren) halskettinkje. Faak hat in (folle) tillegraaf in symboalyske funksje: sa fan alles fan belang is hjirre (yn in boek bygelyks) byinoar brocht. De betsjutting kin ek wêze dat der oan it wurk, it tsjinstferbân ensafuorhinne in ein kommen is. Hiel bysûnder is it gebrûk fan sa'n tillegraaf yn in rou-advertinsje of op in stien: it libben is ôfrûn. (Soms sjocht men just ek hiel grutte tillegrafan. In foarbyld dêrfan jout it Harddraverspark te Dokkum. De metershege tillegraaf dêr ferwiist wol nei it keatsen en



is, want hjoeddedei ûntbrekt foaral op  
ûnderhânske partijen noch gauris in tillegraaf.

De tillegraaf is neamd nei de tillegraafpeal.  
Dy kaam om 1845 hinne yn gebrûk neidat in  
pear jier earder de elektryske tillegrafy útfûn  
wie. It byld is fertroud: boppe-oan de  
tillegraaf hingje de spullen, dan komme de  
earsten en dêrûnder de punten. Dy wurde per  
telienheid fan twa hiel treffend symbolisearre  
troch in dûbele bal. No kinne oan de tillegraaf  
per helte op syn meast twa spullen, ien earst  
en seis punten hingje. De kenner wit dat der  
dan nei dy 46 punten noch twa nedich binne  
om de trije spul fol te meitsjen en dêrmei de  
partij te winnen. Mar Buwalda Kuijpers hat  
yn syn útfining mei rjocht gjin plak foar de  
winnende slach frijhoden: it publyk, dat op de  
moas by it keatsen sit, wit ommers dat mei dy  
lêste slach de partij út is en de tillegraaf op  
dat stuit syn funksje ferlern hat. Oan de  
(draaibere) peal, ta beslút, is romte foar de  
beide keatsen. It is net bekend oft de earste  
tillegrafen al de twa gongbere kleuren hienen.  
De linkerhelte, foar it opslachpartoer, is read,  
dat foar striid, moed stiet en de rjochterkant,  
foar it perkpartoer, is wyt, dat suverens en  
earlikens oanjout.

In oar wurd foar tillegraaf is "ramt". Ik haw it  
oars noait sizzen heard en bin it mar ien kear  
en dan ek noch yn in âld stik (1900) yn

skreaune foarm tsjinkommen. Folle  
gongberder en op syn minst sa byldzjend is it  
begryp "hang". "Alles oan de hang" of, mei  
noch moaier alliteraasje, "Alle hout oan de  
hang" wol sizze dat beide partijen 46 punten  
oan de tillegraaf hawwe: wa't de folgjende  
slacht wint, hat, lykas sein, de partij wûn. Ek  
de tillegraaf hat idioomfoarmjend wurke:  
"tillegrafist" (Buwalda Kuijpers syn  
"oppasser"), "de tillegraaf byhâlde",  
("tillegrafearje", dat ik lêsten opheinde fan in  
tipe yn it Frysk betûfte keatser, is my as  
keatswurd net eigen), "de tillegraaf is (net)  
by", "de tillegraaf draaie" (de beide helten  
wize nei de byhearrende partoeren), "in folle  
tillegraaf" (fergelykje: "alles oan de hang" of  
ek wol: "it hout is op") en "de tillegraaf hinget  
bryk", dat wol sizze it iene partoer is it oare  
fier yn 't foar.


Yn lytse útfieringen hat de tillegraaf  
ferskillende funksjes. Hy kin tsjinje as  
keatspriis, mei grif as ferneamdste foarbyld  
de sulveren keningspriis (sûnt 1929) fan de  
Van Aisma-partij te Bitgum. De tillegraaf  
komt ek gauris as sieraad foar, lykas in  
(sulveren) halskettinkje. Faak hat in (folle)  
tillegraaf in symboalyske funksje: sa fan alles  
fan belang is hjirre (yn in boek bygelyks)  
byinoar brocht. De betsjutting kin ek wêze  
dat der oan it wurk, it tsjinstferbân  
ensafuorthinne in ein kommen is. Hiel  
bysûnder is it gebrûk fan sa'n tillegraaf yn in  
rou-advertinsje of op in stien: it libben is  
ôfrûn. (Soms sjocht men just ek hiel grutte  
tillegrafen. In foarbyld dêrfan jout it  
Harddraverspark te Dokkum. De metershege  
tillegraaf dêr ferwiist wol nei it keatsen en

seit: "Hjirre wurdt keatst". En wa't fan Moaie  
Peal it âlde keatsdoarp Sint Jabik ynkomt, kin  
de mânske tillegraaf net misse.)

De foarm fan de tillegraaf noeget ek noch ta  
oare ideeën út. Ik jou twa foarbylden. It  
Frjentsjerter boubedriuw Vierstra hat yn  
1994 in nijjierskaart mei dêrop in tillegraaf  
ferstjoerd. Dy wie "oanklaaid" mei in "spel",  
mar fierder mei ... krystfersiering. Ek  
keunstners hawwe each foar de ornaminative  
aspekten fan de tillegraaf. Sa hongen op de  
tentoanstelling *Bylden fan de PC* (2003) in  
stik as fiif keunstwurken dy't de tillegraaf as

sintraal objekt hienen. Ra van der Hoek  
eksposearre in skilderij mei trije tillegrafen  
dêrop. De "earmen" fan de tillegrafen rûnen  
troch, yn de foarm fan muzyknotaasje. It  
keunstwurk hiet dan ek hiel tapaslik  
"part(ti)tuur".  
Der soe noch in protte oer de tillegraaf te  
fertellen wêze. Ik lit it by in inkeld punt.

Frjemden dy't by it keatsen komme, wurde  
altiten troffen troch de tillegraaf. Se fine  
boppedat it ferhaal dêr omhinne o sa  
nijsgjirrich.  
Frjemden kinne ús ek noch wolris wat



Par(ti)tuur (2003) fan Ra van der Hoek

bybringe op keatsmêd. Sa hawwe wy lyts hûndert jier lyn de keatswant fan de Belgen oernommen. Dêr stiet foaroer dat sy earder al, om krekt te wêzen op de PC fan 1888, doe't se foar it earst by ús kamen te keatsen, it ûntwerp fan de tillegraaf mei nei hûs nommen hienen. De want is sa stadichesoan in protte krityk op, mar de tillegraaf haw ik noait ien oer kleien heard (of hy moast net "by" wêze). Ek op Gotlân, dêr't it keatsen al ieuwen lyn troch seefarders út De Nederlannen brocht is, docht in soarte fan tillegraaf syn wurk. Neifraach fan myn kant hat noch net dúdlik meitsje kinnen oft it by de Sweden om in eigen útfining giet of dat se it idee fan ús hawwe. Mar it is my net allinnich om it witten te rêden: it die my suver wat doe't ik by myn earste besite yn 1997 oan Gotlân neist it keatsfjild yn Stånga in tillegraaf stean seach.

It ferneamde keatsdoarp Wommels hat - yn 1970 - ek besocht om de tillegraaf yn te fieren, mar dan as strjitnamme. Dat is oergongen: de ried wie net sa hyt op de assosjaasje dy't guon hienen mei de krante ûnder dy namme, dat it waard "Boppe". Op "Bûtenwei", "Middenline", "Opslach", "Stuit" en "Perk" kaam gjin krityk (likemin fansels as yndertiid op it al langer besteande "Keatsebaen").

De tillegraaf mei yn de rin fan de jierren wolris moaier makke wêze, it basisûntwerp is gelyk bleaun. Dat bewiist hoe folmakke oft Buwalda Kuijpers syn útfining wie. Ik ha ien kear - yn de sporthal te Wieringerwerf - sjoen dat net de tillegraaf, mar in

elektroanysk skoarebuordsje de stân oanjoech. Dêr is it gelokkich by bleaun en dat jout nochris it funksjonele fan it helpmiddel oan. De tillegraaf: simpel, sichtber en sekuer.

Pieter Breuker



De tillegraaf dy't Leendert de Haan yn 1991 by syn ôfskied as 'PC-plaktawizer' fan de PC krych. It sulveren sierfoarwerp - makke troch Klaas Kramer en yn it besit fan it Keatsmuseum - wiist de einstân oan tusken de beide finalepartoeren fan 1987: Joop Bierma, Leo Leeuwen, Eelke Idsardi tsjin Peter Rinia, Johannes Brandsma, Tunno Schurer (kening). (Foto: Jan Tromp)

## Fan alle

De jonge wie miskien  
Keatser wie er en in b  
Fan bûten sjoen wie o  
Yn perk en opslach o  
Mar hy woe sa graach

Der wienen soms fan  
Dan siet er boppe, s  
Dan siet er foar it rú  
Soms raasde hy it út  
Want hy woe sa graa

Sneons en sneins, dan  
Opslaan, útslaan, it g  
Mar dan samar wie it  
De kop waard swierd  
En hy woe sa graach

Fûleindich focht er op  
Mar yn syn holle foch  
ek sa swier foar heit e  
't Lijen fan harren so  
En dy woe sa graach

Soms socht er help er  
Hy ried der hinne, "D  
Dat die hy net dy ien  
Sa wurch ... hy koe ne  
En hy wie — fan alle

Oktober 2002

Gerrit Lettinga

(op muzyk fan Oege L  
fan bluesband Swiet &